

It Waddencenter

Yn it Afsluitdijk Wadden Center fynst in ynteractive beleefeksposysje. Haadtema is it Hoofdthema is it (oer) libjen fan de Hollanners yn de Delta, troch de iuwen hinne en mei it each op klimaatferoaring en it stiegjen fan de seespegel. Do komst de eksposysje binnen fia de stoarmkeamer en dêrnei fia stoarmen út it ferline nei oplossingen fan no. Untdek û.o. ek hoe't de nije wurksumheden oan de ôfslutdyk ús yn 'e takomst beskermje sille tsjin it stiegjen fan de seespegel. Dêrneist belibje ús besikers yn de Aquavista in bysûnder fleanerfaring yn it ynspirearjende achterlân fan de ôfslutdyk. Besikers kinne yn dizze show mei op in rûnflecht oer de regio.

Aktiviteit

Yn it Wadden Center fynst in ynteractive 'beleefexpositie'. Bern kinne dit besykje. De eksposysje fan it Afsluitdijk Wadden Center is sa makke dat it foar alle leeftiden ynteressant is om te besykjen. Sa binne der ynteraktive spultsjes oanwêzich foar jong en âld. We hawwe bygelyks it 9 watermanagement spul, der binne 5 spesjale 'game zuilen' en DJ Okto is der ek. Dêrneist is der in 'swim walk' dêr'tst in salm of iel folgje kinst yn syn tocht en kinst mei VR bril sjen nei de migraasje fan fisk yn in takomstige rivier.

Leeftyd/groep: oan te rieden fanôf groep 3.

De mooglikheden binne:

- Woansdei 9 april fan 10.00 - 12.00 oere
- Tongersdei 10 april fan 10.00 - 12.00 oere
- Freed 11 april fan 10.00 - 12.00 oere

Yn it online ticketsysteem is dit te boeken ûnder 1a o/m 1c.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Hindelooper Schilderkunst

De Hylper skilderkeunst is in unyk berop dat mar troch in pear skilders dien wurdt. Gauke en Pieter Bootsma skilderje yn de âlde tradysje yn dizze styl. Ynspiraasje dêrfoar waard wierskynlik helle tidens hannelsreizen nei East-Europeeske lannen en Skandinavië. Yn de folkskeunst út dy lannen sjochst fergelikbere motiven. Oarsom hat it Hylper skilderwurk ek oaren ynspirearre. It beskilderjen fan meubels kaam doe noch mear foar. Om meubels der moai útsjen te litten, waarden se beskildere. De fûgel, meinommen út reizen nei Indië, waard ek wol sjoen as geloksfûgel.

Leeftiid/groep: fan groep 3 ôf

Wurkwinkel duorret ûngefear in oere.

Mooglikheden binne:

- Woansdei 9 april om 09.00 oere
- Woansdei 9 april om 10.30 oere
- Woansdei 9 april om 13.00 oere
- Tongersdei 10 april om 09.00 oere
- Tongersdei 10 april om 10.30 oere
- Tongersdei 10 april om 13.00 oere
- Freed 11 april om 09.00 oere
- Freed 11 april om 10.30 oere
- Freed 11 april om 13.00 oere

*Yn it online ticketsysteem te boeken
ûnder 2a t/m 2i.*

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



It Skaatsmuseum

Tidens dyn besite oan it museum krijst opdrachten/fragen dy'tst opsykje kinst yn it Skaatsmuseum. Elkenien krijt in fragenformulier en it speurwurk kin begjinne! Do learst fan alles oer de Alvestêdetocht, Fryslân, oer it skaatsen en de skaatsemakkers fan froeger. It Skaatsmuseum hat de grutste kolleksje fan skaatsen yn 'e wrâld mei unike en selsume skaatsen, lykas Friese doorlopers, noren en klapskaatsen. Der binne in oantal autentike wurkplakken yn it Skaatsmuseum gearstald. Besjoch in âlderwetse pottebakkerij, smederij of lakkerij. Fansels mei de komplette Alvestedetocht skiednis ek net ûntbrekke. Eltse winner hat in eigen fitrine en sels de skaatsen fan Kening Willem Alexander lizze der. Nuver mar wier: der stiet ek in ôfferzen tean yn it museum. Kom lâns!

Leefitiid/groep: geskikt foar alle groepen fan groep 3 ôf.

Besite yncl. quiz duorret ca. 45 minuten.

De mooglikheden binne:

- Moandei 7 april om 09.00 oere
- Moandei 7 april om 10.00 oere
- Moandei 7 april om 11.00 oere
- Tiisdei 8 april om 09.00 oere
- Tiisdei 8 april om 10.00 oere
- Tiisdei 8 april om 11.00 oere

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 3a t/m 3f.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Fries Scheepvaart Museum

It Fries Scheepvaart Museum fynst yn it hert fan Snits. Der is fan alles te fertellen en te sjen oer de skipfeart; fan skûtsje oant VOC-skip, de stêd Snits en har Wetterpoarte en oer it libben fan eartiids oan board en op it lân. Der is ek in bernemuseum dêr'tst ûntdekke en boartsje kinst. Der is keuze út 3 aktiviteiten:

1. Boatsje bouwe. Max. 75 minuten.

Geskikt foar groep 1-8. Foar elke bou in program en ynformaasje op maat.

Mei de klasse makkest mei in museumdosint in lyts rûntsje troch it museum. We sjogge nei foarm en funksje by skippen. Dêrnei gean we sels oan de slach mei it bouwen fan in boatsje. As it boatsje klear is teste we it út yn ús fiver. Dêrnei meist it meinimme nei hûs.

2. Kompas meitsje. Max. 75 minuten.

Geskikt foar boppebou. Mei de museumdosint sjen en besprekke we navigaasjeinstruminten. Hoe gie dat eartiids ast nei Afrika giest en wat hast noadich op fiere reizen? Dêrnei sille we sels in kompas meitsje en mei dit kompas opdrachten útfiere yn it museum. It kompas meist meinimme nei hûs.

3. Stedskuier nei de Wetterpoarte. Max. 60 minuten

Geskikt foar midden- en boppebou. We begjinne yn it museum. Dêr besjogge we earst in makette fan Snits en besprekke we wêrom de stêd der sa útsjocht en wat de rol fan wetter en skipfeart dêrby is. Dêrnei gean we de stêd yn, besjogge we gevels en einigje yn de Wetterpoarte. It ikoan fan Snits.

De mooglikheden binne:

- Eltse dei fan moandei o/m freed 11 april kinne 3 groep ûntfongen wurde op de folgjende tiidstippen:
09.30 – 10.45 oere
11.00 – 12.15 oere
12.30 – 13.45 oere

Kinst dy ynskriuwe foar 1 fan dizze mominten en mei it Fries Scheepvaart Museum stimst ôf hokker aktiviteit boeke wolst.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 4a t/m 4o.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Kultureel histoarysk sintrum De Tiid

Edukatyf programma: Skatkeamer fan ferhalen

Kultureel Histoarysk Sintrum De Tiid is it plak dêr't skiednis ta libben komt. It hat in plak yn it ymposante, eardere stedshûs fan Boalsert en bringt it museum, it gemeenteargyf en de biblioteek, it erfskip fan Sudwest Fryslân, ûnder ien dak. Hjir wurde ferhalen bewarre, ferteld en belibbe. Tidens dit edukative program kinst kieze út twa spesjale erfaringen:

Argyfferhalen – Dûk yn it ferline 25 - 30 min

Stap binnen yn it gemeenteargyf en ûntdek hoe't âlde argyfstikken, lykas dokuminten, kaarten en registers, de ferburgen skiednis fan de regio foar it ljocht bringe. Tegearre mei de argivaris giest op syk nei bysûndere fynsten en learst hoe't dizze bysûndere boarnen ús wat fertelle oer it libben fan eartiids. Hoe wie it bestjoer doe? Hokker ferhalen sitte der achter âlde kontrakten, aktes en ferslagen? Lit dy ferrasse troch de weardefolle ynformaasje dat yn it argyf opslein leit en krij sicht op it belang fan argyfûndersyk.

Stedshûs en Toer – Untdek in archittoanysk masterwurk 25 - 30 min

Besjoch it histoaryske stedshûs en bewûnderje de skitterjende riedseal, de âlde 'vierschaar' en de bysûndere houten konstruksjes. Klim dêrnei nei de toersouder en kom derachter wêrom dizze stedshûstoer sa unyk is yn de wrâld. Wistest dat dizze swiere stiennen toer op in houten balklaach stiet? In yngenius stikje boukeunst út de 17e iuw. Lear mear oer de technyk, if fakmanskip en de bysûndere skiednis fan dit ikoanyske gebou.

Leeftiid/groep: geskikt foar groep 5 t/m 8.

Per groep max. 15 bern. Der kinne mear groepen op deselde tiid begjinne. Tiid fan oanfang + hoefolle groepen kinst ôfstimme mei De Tiid.

De mooglikheden binne:

- Elke dei fan moandei 7 t/m freed 11 april

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 5a t/m 5e.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Planetarium

Untdek it Planetarium yn Frensjer

Wês wolkom yn it âldste noch wurkjende Planetarium fan de hiele wrâld! Dit planetarium is sa unyk dat it op de 'werelderfgoedlijst' stiet – op deselde list stean ek de piramides yn Egypte en de toer fan Pisa. En dat gewoan yn Frensjer!

Bern krije earst in koarte ynstruksje en sille dan oan de slach mei in Frysktalige speurtocht troch it museum.



Let op! Per 4 bern is der in begelieder (folwoeksene) nedich. Uterlik 17 maart moat der kontakt lein wêze mei it Planetarium om de boeking definityf te meitsjen.

De mooglikheden binne:

- Moandei 7 april 10.30 oere
- Tiisdei 8 april 9.30 oere
- Tiisdei 8 april 11.00 oere
- Woansdei 9 april 9.30 oere
- Woansdei 9 april 11.00 oere
- Tongersdei 10 april 9.30 oere
- Tongersdei 10 april 11.00 oere
- Freed 11 april 11.00 oere

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 6a t/m 6h.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Tresoar

In wurkwinkel Triedsjes nei it ferline/draadjes naar het verleden. Dit programma is it meast geskikt foar de groepen 5 t/m 8 en fynt op de skoallen plak.

Tidens de wurkwinkel litte we foarwerpen djen út de kolleksje fan Tresoar en we fertelle it ferhaal dat by dy foarwerpen heart. We slute derby oan by de skiednis fan it doarp of de stêd . Elk plak hat syn eigen skiednis en dat betsjut dat it materiaal hieltyd oars is. Een kaart út 1875 mei it ûnderwerp fan in nije buorkerij of een foto fan in mûne dy't der hjoed net mear te finen is. De skiednis komt hiel tichtby.

De wurkwinkel duorret in oere en de ynskriuwing is per skoalle. Op dizze wize kinne de learkrêften fan Triedsjes nei it ferline op 1 skoalle ferskate wurkwinkels fersoargje.

De mooglikheden binne:

- Woansdei 9 april (twa skoallen)

Nei ynskriuwing kin mei Tresoar ôfsprutsen wurde hoe let se lâns komme kinne op de skoalle. In wurkwinkel duorret ien oere, se kinne ferskate groepen in wurkwinkel jaan achter elkoar oan.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 7a en 7b.



Museum Joure

Program oer befriijing en respekt yn kombinaasje mei drukwurk.

Kom nei ús ferrassende maakmuseu yn it sintrum fan Joure. Ferneamd op it monumintale yndustryterrein stean de earste fabryk fan Douwe Egberts en de D.E winkel De Witte Os. Mar ek de Metaalfabriek, Klaas Gubbels syn ynposante kofjekeunstwurk, de autentike Drukkerij en Friese Klokkenmakkerij binne bysûnder.

Program oer befriijing en respekt yn kombinaasje mei drukwurk.

Leeftiid/groep: alle groepen

Per groep max. 30 bern. It duorret ûngefear 1,5 oere.

De mooglikheden binne:

- Woansdei 9 april om 10.30 oere

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 8a.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Museum Joure

De LenteMaakfabriek-tasjes route

Kom nei ús ferrassende maakmuseu yn it sintrum fan Joure. Ferneamd op it monumintale yndustryterrein stean de earste fabryk fan Douwe Egberts en de D.E winkel De Witte Os. Mar ek de Metaalfabriek, Klaas Gubbels syn ynposante kofjekeunstwurk, de autentike Drukkerij en Friese Klokkenmakkerij binne bysûnder.

De LenteMaakfabriek-taskes route: De learlingen gean yn groepkes fan 4/5 oûnder lieding fan in folwoeksene/master/juf mei in taske troch it museum. Se meitsje in teepûdsje mei tea topic, mealje kofjebeannen, kinne in boekelizzer drukke, spiegelletters meitsje, ôfbyldingbingo dwaan en noch folle mear. Sa gean se troch it museum hinne, se leare troch te dwaan. Bern leare oer de Fryske kultuer en histoarje.

Leeftiid/groep: alle groepen

De mooglikheden binne:

- Tiisdei 8 april om 09.00 oere
- Tiisdei 8 april om 11.00 oere
- Tongersdei 10 april om 09.00 oere
- Tongersdei 10 april om 11.00 oere
- Freed 11 april om 09.00 oere
- Freed 11 april om 11.00 oere

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 9a t/m 9f.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Fierljeppen

In fierljep-clinic folgje yn alvestêdenstêd Drylst is in leuke en spektakulêre aktiviteit foar allerhanne groepen. Elkenien, jong , jong (minimale leeftiid om mei te dwaan is 8 jier en in swimdiploma is nedich) en âld kin fierljeppen. We leare dy it fierljeppen fanôf de basis oant it échte wurk. Do wurdst begelaat troch erfaren minsken op ien fan de bêste en modernste akkomodaasjes yn Nederlân. Der kinne 25 learlingen per groep in clinic folgje.

De mooglikheden binne:

Elke dei fan de wike yn de Fryske Wike, dus fan moandei 7 april o/m freed 11 april. Der kinne 2 groepen yn 'e moarn en 1 groep yn 'e middei. Begjintiden kinne ôfstimd wurde mei Fierljepvereniging IJlst.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 10a t/m 10o.

Tink derom! Ferfier fan en nei skoalle silst sels regelje moatte.



Keatsclinic

Tidens de kaasles yn de Fryske Wike leart om op en út te slaan. Miskyn slachsto wol in boppeslach of in pripper. Om alfêst wat kennis op te dwaan oer de sport keatsen, kinst dit filmke sjen:



De mooglikheden

- Woansdei 9 april

4 groepen achter elkoar fan 1 skoalle kinne in clinic folgje, max. 30 bern per groep. Elke clinic duorret ûngefear 1 oere. Yn oerlis mei de keatsferiening de begjintiid fan de earste clinic ôfstimme.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 11.



Tialda Hoogeveen

Fryske Ambassadeur

Fansels is de Berneboeke-ambassadeur ek oanwêzich by de Fryske Wike! Sy is der ommers foar promoasje fan it Fryske berneboek. Hoe? Sy komt te fertellen, lêst foar en beäntwurdet fragen. Sy fertelt oer de moaie Fryske berneboeken, dat elkenien in oare smaak hat, de wearde fan memmetaal en meartaligens en hâldt in hiele klasse stil as sy foarlêst. Ynpirearre troch de magy fan taal en ferhaal meie learlingen dêrnei sels oan de slach mei it meitsjen fan in boek. Mear witte? Sjoch dan op www.berneboekeambassadeur.frl

De Berneboeke-ambassadeur (BBA) kinst oanfreegje fiar har side. Klik hjir en sykje in moaie dei ut wat passet.

De mooglikheden binne:

- Moandei 7 april
- freed 11 april

Yn it online online ticketsysteem te boeken ûnder 12a en 12b.



RAP workshop Martijn Werkhoven

Lear rappen fan de bêste! Rapper Martijn Werkhoven a.k.a. Raptiel jout rapworkshops!

De mooglikheden binne:

- Donderdag 10 april

Der kinne twa groepen achter elkoar boekt wurde op deselde skoalle. Wurkwinkers duorje ûngefear 1 oere.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 13.



Foarlêze!

Foarlêze is prachtich en wichtich! De meiwurkers fan it serviceburo komme graag del op skoalle om yn it Frysk foar te lêzen.

Nei ynsrkiuwing kin der kontakt opnommen wurde om ôf te stimmen wa en wannear ien komt.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 14.



Paul van Dijk fertelt en yllustrearret

Paul van Dijk is in kreative tûzenpoat. Hy makke berneboeken, koarte ferhalen, printeboeken, strips en teäterteksten yn it Frysk foar bern en hy sette mearkes út it Ingelsk oer. Yn syn wurk foar bern sit in soad fantasy, spanning en humor, By syn ferhalen makket er yllustraasjes. Dat each foar it fisuele komt him ek fan pas by it skriuwen fan senario's foar it wykblêd Donald Duck. Syn printeboeken ferskynden ek yn oare talen. Fan syn hân ferskynden û.o. De Wûndertoeter fan Hindrik Bûter en Omke Ule sjocht stjerren.

Yn dizze wurkwinkel fertelt er hoe't er in ferhaal betinkt, it meitsjen fan in boek en hoe't yllustraasjes makke wurde.

Mooglikheden:

Moandei 7 april beskikber fan 9 oere ôf. Ien skoalle, meardere groepen.

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 15.



Do kinst oeral in feestje fan meitsje!

Tidens dizze doch-mar-mei foarstelling fan Janneke Brakels hoeche bern net stil te sitten en meie se lekker meisjonge en swinge. Janneke nimt de gitaar mei en sil tegearre mei de bern der in gesellich muzikaal feestje fan meitsje.

Foar de foarstelling kinne bern yn de klasse mei de learkrêft een kazoo knutselje fan wc-roltsjes (Janneke kin in ynstruksje oanleverje)

De mooglikheden binne:

- tiisdeitemoarn 8 april (1 schoollokaasje, 4 groepen achter elkoar, heal oere per groep)
- tongersdeitemoarn 10 april (1 skoalokaasje, 4 groepen achter elkoar, heal oere per groep)

Yn it online ticketsysteem te boeken ûnder 17a en 17b.

